

Verwacht bij Klún en Knoffelhakke geen moeilijke teksten over politiek, milieu of economie. Er moet gelachen worden. In de zaal en liefst ook op het podium. Zaterdag spelen Hendrik van der Heide en Broer Douma de première van hun zesde programma. Wie hen wil boeken moet snel zijn, 2010 zit al bijna vol.

TEKST: FOKKE WESTER

Domme humor



Hendrik van der Heide (links) en Broer Douma in een sketch in een vorig programma. FOTO'S JOCHEM WIERSMA & GEURT PIETER MAASSEN VAN DEN BRINK

en bot yn. Mar ien kear hat der de hiele jûn net ien gniisd, dat wie op it Hearrenfean, dat wie it apartste optreden dat wy oait belibbe ha. As de minsken yn de seal mekoar net kinne, is it folle dreger. It moaiste is om te spyljen foar in publyk mei in ûnderlinge sosjale bân, in doarpsjûn, wykferiening of doweklub of sa. Sa'n optreden is foar ús ek in jûntsje fuort. Op it poadium sitst eefkes yn in hiel oare wrâld, dan rekkest alle soargen eefkes kwyt. Dat wurket hast ferslaavjend, as wy in wike net hoege te spyljen, moatte wy suver ôfkicke." Elk nieuw programma wordt om een thema heen gebouwd, bijvoorbeeld een camping, waar dan allerlei vreemde typetjes samen komen. Dit keer wordt, geïnspireerd op het eigen jubileum, een feestavond gevierd op het podium. „Der sit altyd in reade tried yn en soms komme bepaalde typkes in pear kear werom. It is eins in mjuks fan toaniel, revue en kabaret. Ast it ergens mei fergelykje wolst, dan moastst tinke oan André van Duin en Lytse Teake, dy kant út. Wy spylje sketskes mei in clou. Soms dogge wy wolris losse stikjes, as wy ergens mar in oerke hoege te fullen, mar dat is lang sa leuk net as it komplette programma. Mar it is net engageard, it is domme humor, om te laitsjen. Wy lûke nuvere klean oan en brûke gekke stimkes, wy sitte faak op elkoar te katten en hingje mekoar hieltyd yn' e bek. Ik bin dan de oanjouwer en Broer makket it ôf. It is miskien in ûntankbere rol, it oanjaan, mar ik kin der ôfgrysliek fan genietsje, it makket my neat út dat hy de mop makket en ik net. Wy schmiere ek, dat wy besykje mekoar oan it laitsjen te krijen. Dan komme se nei ôfrin op my ta: Hy hie dy wer moai tuk, net juh? Dat fine de minsken leuk. En wêrom as dat leuk is, ik wit it net, mar de minsken yn' e seal belibje it sa en wysels ha ek in prachtige jûn. Dat moat trouwens ek, it publyk fernimt it daliks ast tsjin it sin stiest te spyljen. Wy ferfele ús noait, mar moatte wol de hiele jûn focusd bliuwe. Mar it wurdt hieltyd better, sa'n programma draait op in stuit as in klokje en dan is it suver spitich dat it werris ophâlde moat.”

HANTUM ■ Hendrik van der Heide (53) en Broer Douma (40) spelen maar een keer in de week, dat hebben ze zo afgesproken. Ze moeten het er namelijk allemaal naast doen, samen met hun twee vaste technici, zoon Herman Douwe van der Heide en neef Harry Greydanus. „It is ús wolris sein, dat wy der ús wurk fan meitsje moatte, dat it dêr goed genôch foar is. Miskien soe it ek kinne, mar dan moat der wol in protte feroarje. De prizen moatte folle heger, want wy sitte no hiel leech. Ek moatst dan alle putsjes oannimme, want dan moatte der fjouwer minsken fan ite. Ik tink net dat it der fan komt. It soe ek spitich wêze, want dan wienen wy ús hobby kwyt”, zegt Van der Heide lachend. Klún & Knoffelhakke is voor Van der Heide en Douma een prachtige hobby, want het kost ze nu geen cent. „It levert ek neat op, want alles wat wy barre komt yn de pot. Foarrich jier ha wy der noch in nije lûdsynstallaasje fan betelle. Dat makket it wer makliker om te spyljen, omdatst dêr no gjin drokte mear fan hast. Wy ha wolris

hân dat der allinnich mar in boulampe op it toaniel stie. No witte wy dat it ynoarder is. Herman Douwe en Harry binne hobbyisten yn lûd en ljocht, dy binne foar ús echt ûnmisber.” De eerste keer dat Hendrik van der Heide en Broer Douma elkaar tegenkwamen, was toen Van der Heide in 1980 onderwijzer werd in Hantum. Broer Douma zat bij hem in de klas. In de jaren daarna kwamen ze elkaar tegen bij het plaatselijke toneel. „Wy ha ien seizoen tegearre spile en dat klikte hiel goed. Letter, doe't ik in pear kear de Hantumer doarpsrevue dien hie, haw ik him dêrfoar ekris frege. Dy revue hat al in hiel lange tradysje, dat is eins it hichtepunt fan 't jier. Dan komme alle brike foarfallen yn it doarp wer eefkes foar it ljocht. Ik bin der op in stuit yn'rûchele en yn 1994 haw ik Broer frege oft er ek meidwaan woe. Dat waard in hartstikkene leuke jûn, sawol yn de seal as op it poadium. No waard der al langer tsjin my sein dat ik fierder moast yn it kabaret, do bist dyn karjêre misrûn, sizze se dan. En as se it mar

faak genôch sizze, dan begjinst it op it lêst sels ek te leauwen. Mar dit kear gie it oan. Wy ha de revue bewurke, de Hantumer dingen der wat úthelle en der in hiel nij programma fan makke.” Van der Heide en Douma wilden met hun programma de boer op en pakten het meteen groots aan. Ze huurden het dorps huis af, stuurden meer dan honderd uitnodigingen naar uitbaters en speelden voor het eerst hun voorstelling voor een afgeladen zaal. „It siet smoarfol en wy wienen deasenuwachtich. It rûn foar myn gefoel ek foar gjin meter, mar it slagge wol.” Sindsdien hebben ze al vijf programma's gespeeld in honderden zalen, rondom in Fryslân. Elk programma spelen ze drie jaar lang, maar slechts een keer per week. „Dat ha wy op in stuit ynsteld, it moat organisatoarysk ek te dwaan wêze. Der moatte hieltyd fjouwer man op paad. Foar dit jier steane noch mar in pear wiken iepen en ek foar 2011 ha wy al wer boekings.” Het stramien van de shows is eigenlijk altijd het zelfde, legt Van der Heide uit. „Wy

betinke de stikjes, skriuwe alles wurd foar wurd út en repeteare it ek hiel goed, mar op it toaniel hat Broer wol in frije rol. Hy hat dêr ek gefoel foar. Soms betinkt er wat en dan tink ik: hoe krijst it foar elkoar. Wy ha dit kear try-outs spile foar publyk, mar elk optreden is eins wer oars. Wy spylje ek altyd hiel bot op it publyk, sa droech oefenje, dat wol eins net. Broer is ek hiel goed yn it spontaan reagearjen op wat der bart, hy is hiel adrem en hat echt de lach oan de kont hingjen, sa't se dat dan sizze. Dat is echt in gave. Hy hat soms mar in pear tellen noadich en de hiele seal leit plat. It feit dat de tekst útskreaun is, jout ûndertusken wol fêstichheid. As it ris in kear net wol, dan kinst dêr altyd op weromfalle. Ik skriuw de measte teksten, mar ik meitsje eins in swart/wyt tekening. Broer kleuret dat op it poadium yn.” Het enige waarbij de mannen het er niet op aan laten komen, zijn de liedjes. Daarbij maken ze namelijk gebruik van een geluidsband en elke improvisatie zou het nummer in de soep laten lopen. „Dêr oefenje wy ús

blau op. Wy litte de lûdsbannen meitsje by in studio yn Alkmaar, dy stjoere de nûmers dan as mp3 nei ús ta. Wy brâne der beide in cd fan en foar de premjêre sjonge wy dy nûmers krekt sa lang oant se der hielendal yn sitte. Sels draai ik de cd altyd yn' e auto, op wei nei it wurk. Moarns sjong ik alle ferskes in kear en middeis op de weromreis wer. Yn it begjin begeliede ik it sjongen op akkordeon, mar dat woe net. Ik makke ek eigen muzyk, mar dêr wie ik sels net tefreden oer. No brûke wy besteande wyskes en dêr meitsje wy dan ús eigen teksten op. Foarrich jier, by de fiering fan it fyftinjierich bestean, ha wy der in oantal fan op cd set. Mar dat is eins mear bedoeld as promoasjemateriaal.” Met vijftien jaar ervaring is de nervositeit een stuk minder geworden, maar de gezonde spanning blijft bij elk optreden, stelt Van der Heide. „Nei in oantal optredens hast it programma hielendal yn' e hân en wy krije eins alle sealen wol los. Wy regisearje mekoar en binne ek net benaud om krityk te jaan, dêr binne wy frij skerp



Broer Douma



Harry Greydanus en Herman Douwe van der Heide achter de knoppen.



Hendrik van der Heide

